

Kâlde maitiid deart mais ûnder foly net

Folymais lûkt sprint

Troch de kâlde maitiid stie it gros fan de mais yn Nederlân twa wike stil. Boeren dy't keazen foar folymais laken yn harren fûstke, want by harren groeide it gewaaks wol.

De foly kreëarret in mikroklimaat, wêrtroch de temperatuer by in flau aprilsintsje al fluch oprint nei rom 30°C. 'Wylst de reguliere mais no inkelhichte stiet, berikt de folymais gemiddeld knibbelhichte. It ferskil is sirka 20 oant 30 sintimeter', seit Hein Willem Leeraar. Hy fertsjintwurdiget yn Nederlân de firma Samco, leveransier fan foly en masines.

It tinne ôfbrekber foly dekt it siebêd ôf. It wetter yn' e grûn ferdampt en slacht tsjin it folydek oan wêrtroch der in fochtich mikroklimaat ûntstiet. De boaiem en temperatuer binne ûnder it foly dêrtroch heger. 'As jo je hân troch de foly stekke, fielt it fiis en klam oan. By in hiel flau aprilsintsje stiicht de temperatuer al fluch boppe de 30 graden', wit Leeraar. It ferskil mei de bûtentemperatuer is trochstreeks 10 oant 15 graden en dat is ideaal foar it sied, want it sprút en ûntwikkelt him flugger.

Dat ha de kwekers fan folymais dizze maitiid mei eigen eagen sjen kinnen. Troch de ekstreem lege temperatueren wie der in grut groeiferskil mei regulier tele mais. Roelof de Jong út Sibrandabuorren, dielnimmer fan it Nieuwe Oogst Maismeetnet, wit der alles fan. Syn mais wie ôfrûne woansdei 39 sintimeter wylst de planten by de oare alve kwekers net heger kamen as 16 sintimeter. 'It is in echt folyjier', seit De Jong. 'Wy ha in hoekje mais wêr't gjin foly lein is en dêr binne de planten mar 6 sintimeter. Dat neam ik dus 'suterige griene plantsjes' oftewol skiterige griene plantsjes.'

Wiete hjerst.

Nettsjinsteande de positive resultaten fan folymais, is it hjoeddeiske areaal flink leger as foarich jier. Lei der yn 2012 noch 1.200 hektare folymais, no is dat mar 500 hektare. Dat suggerearret dat maistelers der dochs minne ûnderfiningen mei ha.

Leeraar: 'de foly is djoer, sirka 250 euro de hektare. Wy stelle dat jo twa wike earder siedje kinne en dat it sied in wike earder útsprút. Jo soenen úteinlik dus trije wike earder rispje kinne. Mar mei trije kear in wiete hjerst op rige is dat amper slagge. Dêrtroch heakje minsken ôf.' Hy heakket dêr oan ta dat 2012 in bûtengewoan wiete maitiid hie. De grutte masines dy't de foly oer it siebêd lizze, soargje foar it bedjerren fan de struktuer. Dat stelde kwekers teloar. Yn de tuskentiid hat Samco har masines 500 oant 600 kilo lichter makke.

'It is krekt as de yntroduksje fan de molkrobot, dy hie yn it begjin ek bernesykten. En der wienen ek skeptyske lûden, mar wilens is dy net mear wei te tinken yn de greidbuorkerij.'

Fierders stiet de folymais der dit jier net oeral glorieus by. Leeraar leit út dat boeren leare moatte om der mei te wurkjen. Treffe se net de krekt tariedingen, dan is it effekt fan de foly beheind. 'Dat sjogge jo ek dit jier. Der binne boeren dy't te min donge ha of in ferkeard siebêd oanlein ha. Jo treffe kluten oan fan 3 sintimeter, fierstente grof dus. Ek sjogge jo nochal ris in te swiere ûnkrûddruk.'

Folymais komt dêrtroch ûnfoldwaande út' e ferve. De groei efterstân is te grut wêrtroch it mooglik net ôfrypje kin yn july en augustus. En dat is neffens him bepalend foar de droege stof opbringst. 'Yn july en

augustus ha jo mear fotosynthese dan yn augustus en septimber. En mear fotosynthese betsjut mear omsetting fan ljocht yn setmoal. Folymais dat betiid siedde is ;yn in goed siebêd én wat him fluch ûntwikkelje koe, befettet nammentlik 15 prosint ekstra setmoal.'

MAIS

Koud voorjaar deert mais onder folie niet

Foliemaïs trekt sprint

Door het koude voorjaar stond het gros van de maïs in Nederland twee weken still. Boeren die kiezen voor foliemaïs lachten in hun vuistje, want bij hen groeide het gras wit.

De folie creëert een microklimaat, waardoor de temperatuur bij een nieuw opkomende al snel oploopt tot ruim 30 graden Celsius. Terwijl de reguliere maïs nu relatief stilstaat, bevindt de foliemaïs zich al op een sneltempo. Het verschil is circa 20 tot 30 centimeter, zegt Hein Willem Looze, hij vertegenwoordigt in Nederland de firma Sanco, leverancier van folie en machines.

Het dunne afdekkende folie dekt het zaad af. Het water in de grond verdamp niet en slaat tegen het foliepak aan waardoor er een vruchtbaar microklimaat ontstaat. De bodem- en luchttemperatuur stijgt onder het folie daardoor hoger. Als je je hand door het folie steekt, voel je het net als in de hand van een klein kind. Het verschil met de buitenstemperatuur is doorgaans 10 tot 15 graden en dat is ideaal voor het zaad, want het klemt en versnelt zijn groei.

Dat hebben de kelen van foliemaïs dit voorjaar niet eigen eigen kunnen zien. Hoer de extreme lage temperaturen van er een groot groeiverschil naar regulier geteelde

maïs. Broedf de Jong uit Sierlandbuinen, de boer van het Nieuwe Oogst Maïsnet, weet er alles van. Zijn maïs mat afgelopen woensdag 39 centimeter terwijl de planten bij de oever of later niet hoger kwam dan 15 centimeter. 'Het is een echt folijjaar', zegt de Jong. 'We hebben een halve meter water geen folie is gekeld en daar moeten de planten slechts 6 centimeter. Dat moet ik dan 'saurige grasse plantjes', omdat aanzakige groene plantjes.'

NATTE HERFST
Ondanks de positieve resultaten van foliemaïs, is het huidige vooral flink lager dan vorig jaar. Lag er in 2012 nog 1.200 hectare foliemaïs, nu is dat slechts 500 hectare. Dat suggereert dat maïsboeren er toch slechte ervaringen mee hebben.

Looze: De folie is duur, circa 250 euro per hectare. Wij prefereren dat je twee weken eerder kunt maaien en dat het zaad een week eerder kicut. Je zou uiteindelijk dus drie weken vroeger kunnen oogsten. Maar een drie-natte herfst op rij is dat natuurlijk gekukt. Daardoor haken boeren af. Hij voegt daar aan toe dat in 2012 een bijtender nat voorjaar had. De grote machines die de folie over het zaad bed leggen, zorgden voor structuurbederf. Dat stelde telers telur. Immiddels heeft Sanco haar machines 500 tot 600 kilo lichter gemaakt.

Het is net als de introductie van de melkrobot, die keule in het begin ook kinderriekes. En er waren ook sepiologische gebieden, maar inmiddels is die niet meer weg te denken in de melkveehouderij.

Overigens staat de foliemaïs er dit jaar niet overal glorieus bij. Looze legt uit dat veehouders moeten leren om ermee te werken. Treffen ze niet de juiste voorbereidingen, dan is het effect van de folie gering. 'Dat rie je ook dit jaar. Er zijn boeren die te weinig hebben brenent of een verslaard zaadbed aanleggen. Je treft kluften van 3 centimeter, veel te groot. Ook de je jong, al zou een te zware onkruidbestrijding. Folie maïs komt daardoor onvoldoende uit de verf. De groeischiktheid is te groot waardoor het mogelijk niet kan afrijpen in juli en augustus. En dat is volgens hem cruciaal voor de drogestofopbrengst. 'In juli en augustus heb je meer fotosynthese dan in september en oktober. En meer fotosynthese betekent meer omzetting van licht in zetmeel. Foliemaïs dat vroeg is gezaaid in een goed zaadbed én snel kon ontwikkelen, bevat namelijk 15 procent extra zetmeel.'

MARISKA BLOEDBERG



Het verschil tussen foliemaïs en reguliere maïs is circa 20 tot 30 centimeter. Foto: Ronald Boven

